

Redaksjoneel

It is noch simmer, wylst ik dit skriuw, mar de ekwinoks en de hjerst slûpe stadich neieroan. De sinne is noch wol fûl, mar moarns en yn it skaad is de lucht wer skrousk. De ierde rûkt fochtich en oerryt, de fruchten gêstje oan 'e tûken. In tiid fan en nei de rispinge, wat ekstra tiid. De natoer hat him deljûn, en rinteneret.

Ik toffelje myn boekekast op en del, de adrenaline fan kommende ferhuzerij hâldt my wakker yn 'e nacht. Ik karmasterje de opbringst fan jierren: wat sil mei, wat kin nei de kringloop, wat skatten lizze der yn rigen efter de rigen. De nachten wurde alle nachten minder ljocht. Myn flatsje sil fan it winter noch plat; dit dak, dizze muorren, dizze flier sille se ta grús ferpulverje.

* * *

Foarop yn dit nûmer de ferfryske fan 'Leeuwarden Train Station' fan de Kanadeeske dichteres Alyda Faber, dat yn fragminten mei skerpe rantsjes de relaasje ta âlden en it ôfskiednimmen útsprekt.

Dit is in nûmer mei ferhalen fan weromsjen, mei opstannige en mei ferstille dichters. In pear wiken nei dit fjirde nûmer ûntfange jo *ensafh* nû. 5, dêr't de winnende ferhalen en fersen fan de Rely Jorritsma-priis yn steane.

Oan 'e ein fan 2017 komme wy wer mei in temanûmer: dêryn wolle wy de literatuer fan Baskelân foar it fuotljocht bringe. Wy binne der wiis mei dat it Nederlânsk Letterefûns troch it ús takennen fan subsydzje wurdearring sjen lit foar de 'bûtenlânske' temanûmers dy't wy troch it jier meitsje.

André R. Looijenga

Ynhâld

- 3 Redaksjoneel
- 4 Janneke Spoelstra
Stof of fjoer
- 8 Margreet de Jong
hy droech ús ûnder de earms as canvasrollen
- 9 Alyda Faber
It treinstasjon fan Ljouwert (oersetting: Janneke Spoelstra)
- 14 Jantsje Post
De Malteeske dopeling
- 20 Arjan Hut
sliepend ljocht
Hardcover

- 22 Marcel Plaatsman
Bittere irony
- 26 Lubbert Jan de Vries
Outlaw Poetry
- 29 Walt Whitman
Dichters fan de takomst
- 30 Jack Micheline
Oeral wêr't ik kom
Allinnich seldsume dingen skeppe
- 32 Patti Smith
Stoned fan rebûlje (oersettings: Lubbert Jan de Vries)
- 34 Bert Bakker
De Blauwe Wimpel (oersetting: Baukje Stavinga)
- 38 John Bosma
groetnis
- 39 Cornelis van der Wal
De reizger
- 40 Friduwih Riemersma
Fryslân wol gjin kulturele autonomy
- 43 Redbad Veenbaas
Rilke: de stilte fan de dingen
- 46 Rainer Maria Rilke
Hjerstdei
Olivehôf
Frou foar de spegel
Leafdesliet (oersettings: Redbad Veenbaas)
- 50 Teije Brattinga
De dei is fan 'e loft
Ik wol
- 52 Lomme Schokker
Sykje en silst fine
- 63 Henk Nijp
spes bona